

Meditaasje by de Fryske tsjinst snein 7 jannewarris 2001 Stiens

skriftlezings: Jesaja 42, 1-7 en Lukas 3, 15-22

Gemeente fan Jezus, us Hear,

Yn dizze dagen wurde yn Volendam 10 jonge minsken te hôf brocht.
Se binne it slachtoffer wurden fan in tragyske brân-ramp. En derneist hat it fjoer al dy oare jonge minsken foar har libben tekene.

Yn dizze aktualiteit is it hast ûnmooglik om te preekjen oer Lukas 3 fers 17, der't stiet dat it kaf ferbaarne sil yn it fjoer dat net út te krijen is. En wat kinne wy hjoed mei de útspraak fan Johannes de Doper, dat Jezus dope sil mei Hillige Geast en mei fjoer? Is it net better hjoed om mar stil te wezen? Wy witte ommers wat er loskomt as jonge minsken stjerre.

Yn sokke dagen is der mear langstme om te bidden dan te preekjen.

Lit ús besykje fanemoarn om dit grutte drama wol yn ús gedachten te halden, mar derneist ek de treast fan de Skrift te sykjen.

Want wy liezen sakrekt ek: "Doe't al it folk en ek Jezus Him dope liet en bidde, doe gong de himel iepen."

In iepen himel.

Hjoed steane wy yn de spanning fan dy twa útersten: Fersleine herten en in iepen himel.

In spanning dy't kwalik út te halden is.

Tusken fersleine herten en in iepen himel is der nei ús gefoel in djip ravijn.

Ik sil besykje út te lizzen wer't Lukas hjoed fan sprekt.

In iepen himel. Neidat de minsken doopt binnen giet de himel iepen, seit Lukas.

Der is mar ien dy't dat dwaan kin, en dat is God sels. Dit leit net yn ús macht. God iepent de himel.

En in iepen himel wiist yn it joadske tinken op het heil fan God, dat frije trochgong krijt nei ús ta. De himel iepen is it begjin fan Gods eigenhannich yngrypen yn de saken hjir op ierde.

It heil fan God út'e himel is sichtber yn de foarm fan in do, in do, symboal foar de fernijing fan de ierde. En it heil fan God komt hjir ek oan it ljocht yn de stim dy't út'e himel klinkt, en dy't seit: Do bist myn Soan, myn ynleave Jonge, Ik bin sa wiis mei Dy.

It heil fan God komt út'e iepen himel nei Jezus ta en troch Him sil it heil fan God oer de ierde fierder rinne. En it mei dúdlik wêze: Hjir is gjin sprake fan gewoane deistlike foarfallen, nee, hjir is sprake fan útsonderlike visionaire wûnders tusken himel en ierde.

Dit bart net alle dagen; wy sjoche der mei grutte eagen nei.
Mar hokker bliid boadskip fyne wy hjir?

Twa hilliche bemoedichingen fyne wy hjir:

Yn't foarste plak heare wy hjir, dat ús God sa ticht by ús komt as mar mooglik is.

Luk. 3
Iepen himel

Dat is it earste: God komt en is sa ticht by ús as in do dy't op ús skouders sit.
Hy ferlit syn troan, der't er troch de minsken op setten is. Hy is neiby. No nog! Alle dagen.
Dat is de earste bemoediching dy't we hjir fine.

It twadde bliid boadskip is dit: Wy heare dat God de himel iepenet. Mar Godsij dank lêze wy net dat de himel wer slúten wurdt! Mei oare wurden: De himel bliuwt iepen. En de himel is nog altyd iepen. Is dat net in grut wûnder, gemeente? Wy libje alle dagen ûnder in iepen himel. Wy libje alle libbensdagen ûnder Gods hoede, sa wiis is God mei ús.

Mar binne wy altyd feilich ûnder dy iepen himel?

Hoe sit dat mei dat fjoer?

Kinne wy ús noch te binnen bringen hoe't yn de joadske geskriften it fjoer somtiden út'e himel spat, as in fjoer dat alles ferteart? En betinke wy ús goed dat it fjoer yn'e Bibel is teken is fan Gods oardiel oar de ierde?

Binne wy feilich ûnder dy iepen himel?

Yn elts gefal binne wy net altyd feilich tjsin ûngemakken. Us libben kin alle dagen bedrige wurde. Sa is dit ierdske libben. It fjoer is gefaarlik, it wetter is gefaarlik, wy nimme grutte risikos.

Mar hjir yn'e Bibel giet it oer it fjoer út'e himel. Dit is it fjoer dat in ein meitsje swol oan de wandieden fan de minsken. Oan de tiranny fan in keizer, oan de machtwellust fan liedsmanen, dit fjoer út'e himel wol in ein meitsje oan de fijannen fan Gods heil.
En ek hjir jilt: Dit is gjin gewoan deistich barren, mar in evenement tusken himel en ierde.

Yn de earste nacht fan dit jier gong it ferskrikkelike nijs troch Volendam: De himel stiet yn'e brân. Djip tragysk is it.

Mar it efangeelje seit tjsin de fijannen fan Gods leafde: De himel stiet yn'e brân. Want de fijannen fan Gods leafde sille it net winne yn Gods mooie skepping.

Ja, wy meie ús feilich fiele ûnder Gods iepen himel. Want syn Geast makket ús tot freonen fan it heil, freonen fan Gods ryk. It fjoer út'e himel hoege wy net te freezjen, salang't wy mar op de paden bliuwe fan frede, rjocht en hope.

Mar nog is de fraach: Wat moatte wy mei dat fjoer, dat fjoer fan it oardiel?

Lukas duort it oan om dat âlde byld fan oardielsfjoer te ferbinen mei de Doop.

Johannes begjint de minsken te dopen mei wetter, Jezus dopet de minsken mei Hilliche Geast, en pas dernei is der sprake fan de doop mei it fjoer.

En hjir fine wei it tredde bliid boadskip foar hjoed: De Hilliche Geast giet foarôf oan it fjoer. Mei oare wurden: De himel sprekt earst fan leafde en pas dernei fan oardiel. Mei oare wurden: Wa't it paad fan Gods leafde ferlit, dy kin derop rekkenje dat it fjoer der achteraan komt.

Mar de ynset is Gods Geast fan leafde en geduld.

God sprekt op syn wize in oardeil út oar us povere prestaasjes. Hy komt ús swakkens te help.
Mar Jezus is ek bereid om der in priis foar te beteljen.

Gemeente, de genede dy't út'e iepen himel op ús takomt is net goedkeep.
Dy genede is djûr befochten. Gods genede is net allinich in himelske jefte mar ek in op-jefte.

It wûnder is lykwols dat God net allinich ticht by ús libben komme woe, mar dat Hy út'e himel
wei ek ticht by ús skuld en skande komme woe, om dy better te meitsjen.

Wer bedarret dit efangeelje yn ús hjoeddeiske kultuur, wer't skuld en skande ôfkocht wurde
mei jilt-claims, wer bedarret dit efangeelje yn in mienskip dy't utblinkt yn selshandhaving?

Dit efangeelje wol wenje en wurkje yn ús. Yn dy en my.
Dit efangeelje fan Gods heil troch in iepen himel wol ús de eagen iepenje.
Hoe soene wy no ússels handhave kinne?
It libben brekt ús omers by de hânnen ôf.

Gods leafde sil ús libben handhave. Oars net.
Dy iepen himel wol oan fersleine herten iepenbiere, dat wy yn Gods hoede libje meie en stjerre
kinne.

As dit efangeelje yn ús wennet, dan is it paad dat wy geane de moeite wurdich.

De himel bliuwt iepen, foar alle minskebern. Gods ynleave Soan leit dit liuwen yn ús hert. En
dat jowt moed!

AMEN